Mei in ploechje SDS'ers gienen wy ein febrewaris op in fuotbaltripke. Fan guon is it doel om ris in fuotbaltripke nei Argentinië te meitsjen. Yn in tredde helte kaam ien mei it goeie idee om earst in tripke wat tichter yn de buert te meitsjen om alfêst wat oanelkoar te wennen. Der moast al wat Súdamerikaans temperamint yn, mar miskien wol noflik as it wat koarter is dan 14 oeren fleanen. Nei wat rûnstrúnt te hawwen op it ynternet kamen wy út by de derby Betis Sevilla – Sevilla. Of sa 't Sierd de Vos seit; 'El Gran Derbi', de mooiste derby fan Europa.



Egbert-Sjoerd Dijkstra, Jaap Toering, Sjoerd van Beem, Ronny Wagenaar, Gerlof-Jan Hofstra, Willem Wijnia, Johan Delfsma en Jelmer Posthumus. Erik Haitsma en Jelle de Jong misse op de foto.

Op freedtemoarn yn Wommels yn de auto stapt en ein fan de middei kamen de mannen oan op it fleanfjild fan Sevilla. As je mei 10 man binne is de kans persentueel grutter dat der ien net fit is. Dat hawwe de Spanjaarden witten. By oankomst op it fleanfjild draafde der ien nei it húske, want dy moast sawol fan boppe as fan ûnder wat kwyt mei it lûd as kaam dat fan ûnder der boppe út..... It hotel siet op in prachtige lokaasje namelijk mei útsjoch op it stadion fan Betis Sevilla; Estadio Benito Villamarín. It stadion wêr 't Spanje op 21 desimber 1983 mei 12-1 fan Malta wûn wêrtroch Nederland net nei it EK fan 1984 gie en Spanje wol.... It hie moai west as de derby hjir ferspile waard, mar it stadion wurdt op dit momint ferboud. De thús wedstriden fan Betis binne dêrom tydlik yn it Olympysk stadion fan Sevilla; La Cartuja. It stadion dat yn 1999 oplevere is en Spanje faak syn ynterlands fuotballet.



De wedstriid wie op snein dus op sneon koe de stêd besjoen wurde. Te begjinnen mei it stadion fan Sevilla; Estadio Ramón Sánchez Pizjuá. In stadion wêr ‘t 44.000 man yn kinne, mar wêr ‘t de lju sa ticht op it fjild sitte dat je de keeper sa in hân jaan kinne as je efter de goal sitte. Bysûnder dat der safolle minsken yn kinne wylst it lytser is as it Abe-Lenstrastadion bygelyks. It skeelt al dat de Spanjaarden wat lytser binne en hjirtroch de stuoltsjes wat tichter op elkoar stean kinne. Yn dit stadion waard yn 1982 ien fan de moaiste wedstriden ea spile; West-Duitsland – Frankrijk, heale finale fan it WK. De wedtriid wêr ‘t Battiston torpedeard waard troch keeper Schumacher. Doe wienen der noch steanplakken yn it stadion en koenen der 63.000 man yn. It waard doe 3-3, mar West-Dútslân naam de penaltys better.
Noch in bysûndere wedstriid dy’t hjir ferspile waard wie de Europacup-Cup 1 finale fan 1986; Barcelona – Steau Boekarest. Barcelona koe eindelijk foar it earst de Europacup 1 winne en mocht dat ek noch yn Spanje dwaan en wie dêrby de grutte favoryt. Sy hienen allinnich gjin rekken hâlden mei de keeper fan Steau; Duckadam. Mei troch him bleaun it 0-0 en ferfolgens kearde hy yn de penaltyserie alle penaltys fan Barcelona en waard hy "De Held van Sevilla". De prizenkast fan Sevilla yn it stadion wie yndrukwekkend. Grutte ûneaglijke bekers foar wedstriden en kompetysjes om neat, mar ek mar leafst 7 UEFA-Cups. De measten fan alle klups yn Europa.
De rest fan de dei waarden de stêd en de terrassen noch wat ferkent, mar dat die der eins al net mear ta.
De snein wie it dan eindelijk ‘wedstriiddei’. De derby waard om 19.00 oere jûns ferspile, dus moai de romte om oerdei de sfear te priuwen yn Sevilla. Oer it algemien wurdt Betis Sevilla sjoen as de klup fan it folk. Sevilla is mear de klup fan de elite en ek wat suksesfoller. Op de NPO kinne je in moaie documentaire fine fan Tom Egbers oer de rivaliteit ûnderling en ‘El Gran Derbi’(sjoch op ynternet op **https://npo.nl/start/afspelen/toms-derby-s**).
Oerdei fiel je de stêd al triljen foar de derby. It moaie waar spilet ek in rol, want de terraskes streame al betiid fol. Foar sommige SDS’ers is dat moaie waar sa ein febrewaris mei dy Spaanske sinne noch al wennen. Geane je no yn it skaad sitten om’t it te waarm is of moatte je júst yn de sinne sitte om ‘t je bllid wêze moatte dat de sinne der is? Earst mar gau in Betis Sevilla sjurt keapje. Rûn in oer as 17.03 oere gean de mannen stadich rjochting stadion La Cartuja. De sintelbanen binne moai fuortwurke wêrtroch der mar leafst 70.000 minsken

yn it stadion sitte kinnen. Hjirfan binne mar 600 fan Sevilla. Mear kaarten krigen se net....
Yn Spanje binne sawisa meast net safolle útsupporters mei om't it sa 'n grut lân is en net alle plakken handich te bereisgjen.
By binnenkomst yn it stadion groetsje wy Jelle Wieringa út Littens..... Hy is der mei syn soan tafallich ek.
Je merke al dat it stadion frij modern is. De katering is goed en der binne genôch húskes. Net ûnbelangryk. Underweis nei it stadion wienen wy Jelle de Jong al kwytrekke, mar by binnenkomst yn it stadion sjogge wy him al gau stean mei sjaal en flagge.



De sfear sit der al gau yn. Wy sitte net fier fan de útsupporters ôf en ek dy wolle noch wolris wat lûd meitsje. It duorret nea hiel lang of de supporters fan Betis geane hjir fol tsjin yn.
Betis Sevilla fuotballet better en komt terjochte mei 2-0 foar. Yn de twadde helte litte sy harren folledich it tsiis fan de stokbôle ite. It liket of tocht Betis dat sy al wûn hienen.
By de 2-1 merk je dat der dochs mear Sevilla-supporters yn it stadion sitte dan je earst tochten. Neist my sit in jonge dy't in freonskiplijk tikje fan syn freondinne krijt, mar hy dúdlik net wurdearje kin. Op de grûn sjoch ik dan ek har Sevilla-sjaal lizzen dy 't sy wat fuortstoppe hie. By de 2-2 giet sy sels efkes stean en klappen en wurdt it har freon hast tefolle.
It bliuwt úteinlijk 2-2 en dêrnei geane de mannen it nachtlibben noch efkes yn. It kuollet yn Sevilla jûns noch wol gau ôf en is it eins gjin terraswaar mear. Yn it hotel wurdt de dei noch efkes oereide.
Al mei al in alderaardichst wykein hân en fan elkenien genoaten.
In pear jier lyn binne wy mei in ploegje nei Napels west, no yn Sevilla en ea alris yn Barcelona. Dat betsjut dat ik al op 3 plakken west binne wêr 't Diego Maradona fuotballe hat. Dan is no Buenos Aires hast oan de beurt.
No al nocht yn!

(WW)

Sparje mei foar SDS!



Door heel Nederland hebben ondernemers zich verbonden aan Dappre. Deze ondernemers willen bijdragen aan sport en cultuur in hun omgeving. En daar kan SDS ook van profiteren! Je kunt trouwens ook voor jezelf sparen, bijvoorbeeld voor je contributie. Download de app en kies SDS als de club waar je voor wilt sparen. Elke keer als je bij een deelnemende ondernemer een pinbetaling doet, stort die een deel van je aankoopbedrag naar onze clubkas. Om dat te kunnen doen, moet je je bankrekening koppelen, maar dat is echt veilig en de ondernemers krijgen verder geen inzicht in jouw gegevens. Het gaat er alleen om dat a.h.v. jouw pinbetaling gespaard kan worden voor SDS. Geen gedoe met pasjes of scannen van de app. Doe mee! Meer lezen?
https://dappre.com/clubs/

Groetnis,
Helga Develing
foarsitter VV SDS

1. Ga naar **https://dappre.com/clubs/** en zoek op SDS om direct de Digitale Clubkaart te activeren in de privacyvriendelijke Nederlandse netwerk-app Dappre. Je hoeft geen account aan te maken en er worden geen persoonsgegevens gevraagd.

2. Koppel eenvoudig en veilig de Digitale Clubkaart(en) aan je eigen betaalrekening(en).

3. Reken af bij deelnemende ondernemers door te pinnen en je spaart helemaal automatisch voor onze club én voor jezelf! Je hoeft geen pasjes te laten zien. Pinnen = sparen!

4. In Dappre kun je zien waar en hoeveel je kunt sparen (bij 'spaar hier') en zien hoe je spaarsaldo oploopt!

5. Elke maand gaat het gespaarde bedrag automatisch naar de club(s) waar jij voor wil sparen. Je kunt daarnaast ook sparen voor je contributie of vouchers en toegangsbewijzen. Leuk!

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan: **Meike Overwijk**	
Namme	Meike Overwijk
Berne	22 oktober 2014
Yn Wommels, Easterein as....	Yn Snits
Skoalle	No noch de Foareker (straks Marne)
By SDS sûnt	2023
Team	MO12-1
Gjin fuotbal, dan...	Keatsen
Favorite klup Nederlân	Heerenveen / Ajax
Favorite klup bûtenlân	Real Madrid
Beste trainer	Robert Hoekstra en Syb v/d Ploeg
Beste fuotballer yn Nederlân	Lieke Martens
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Ronaldo
Favorite fuotballer SDS	Lisa
Beste keeper	Catoo
Favorite posysje	Ferdigener
Sterkste punt	Ferdigenje
Swakste punt	Dribbelje
Moaiste stadion	De Arena
Idoal	Lieke Martens

Hichtepunt	Wedstriid op Skylge, dat wie leuk!
Djiptepunt	Dat wy alles dik ferlieze
Moaiste goal	Hast fan ‘e middenline ôf de krúzing yn
Skoudertriuw as tackel?	Tackel
Boas om	Falsk spylje
Flinters yn de búk fan	Myn freontsje
Tillevysje	The Masked Singer
Muzyk	Bankzitters / Roxy Dekker
Lekkerste iten	Pankoeken
Minst lekkere iten	Spinaazje
Drinken	Cassis
Nintendo DS, Playstation, X-BOX of bûten boartsje	Bûten boartsje en Playstation
Favorite game	Minecraft
Samsung of IPhone	Samsung
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Siuuuuuuuuu!!
Kampioen Earedivyzje 2025/2026	Ajax
Cambuur of SC Heerenveen?	Heerenveen
Moaiste sjurt	Wit ik net...
Lelijkste sjurt	ik sjoch eins noait...
Moaiste útsjurt	fuotbal... 😉
Fuotbalskuon	Adidas
Rjochts of lofts?	Rjochts
At ik letter grut bin dan....	Wol ik lekker sporten bliuwe
Wolst fierders noch wat kwyt?	Ik hoopje dat wy folgend jier wer in famkeskompetysje hawwe!

De SDS-omropper

Wy witte eins net better dan dat Enne Jehannes Bruinsma sneons omropper is by de wedstriden fan SDS 1. Mar sa fanselssprekkend is dat net, want by oare klups heare wy eins nea in omropper. Wy hearden by him.



Hoe lang bisto al omropper by SDS?

Neffens my sûnt iets fan 2009, mar ik wit it net hielendal mear. Popko Wijnia siet earder yn it bestjoer en die it foar my wolris en doe dy neffens my út it bestjoer gie waard der sjoen om in oar binnen it bestjoer of jeugdbestjoer. Net ien stie der om te springen, dus doe naam ik de mikrofoan oan.
Yn de 2e-Klasse wie it neffens my ferplicht om in lûdsynstallasje te hawwen y.f.m. mooglike kalamiteiten. Doe't de nije kantine boud waard kaam de lûdsynstallaasje op it opberghok. En om 't de lûdsynstallaasje der dochs wie is it der mooglijk wat ynrûgele dat der omroppen waard by thúswedstriden fan SDS 1.

Hast ek in foarbyld as omropper?

Ik bin gjin Feyenoorder, mar ik mocht Peter Houtman wol graach heare. Ik kom net yn in hiel soad stadions, mar je lette dan dochs altiten efkes op de omropper.

Wat is no dyn favorite opkomstnûmer as SDS it fjild op komt? Of hast meardere?

Myn favorite opkomstnûmer is 'C'mon C'mon' fan The Hives. Dizze draai ik tink al 9 jier foar de wedstriid. Willem Wijnia wie foarsitter en kaam hjir mei. Ik fûn it wol tapaslijk en je hearden it nûmer net by oare klups. Ynmiddels is it nûmer wat bekender troch in reklame fan de IKEA. Dêrfoar draaiden wy faaks Eye of the Tiger as opkomstnûmer.

En wat foar nûmer as der skoord wurdt?

Dit nûmer feroaret wolris, mar op it stuit draai ik altiten it klupliet fan SDS; 'Wy binne sljocht op SDS' fan sekonde 20 oant 40. Ien kear gie it mis doe't ik it nûmer wer klear sette foar de folgende goal. Dat gie oer de boksen. Somtiden is de kompjoeter wolris yn de war. It moat by tiden ek allegear sa hurd. Om my meie de spilers nei in goal wol wat langer jûchheie.

By oare klups heare je net faak mear in omropper. Witsto sa noch klups dy't noch in omropper hawwe?

Yn elts gefal bin ik der wis fan dat sy by NOK ferline jier noch in omropper hienen. En neffens my ek by Oeverzwaluwen. By Bant hienen sy altiten in hiele enthousiaste omropper, mar ik wit net hoe t dat is no 't sy tegeare binne mei Creil. Wy binne by SDS sawisa wol hast de ienigen dy't ek omroppe as der in goal makke is.

Wat fynst it moaist as omropper?
It moaiste fyn ik de belutsenheid by in wedstriid. Ik bin ek skiedsrjochter-koördinator en begelied de skiedsrjochter ek by in wedstriid fan SDS 1.

Wat wie dyn hichtepunt en hiest ek in djiptepunt as omropper?
In hichte- en djiptepunt haw ik net. Al is it nea leuk as je omroppe moatte as der bygelyks rotsoai op it fjild smiten wurdt of fjoerwurk.

Giet der ek wolris wat mis? Ik kin my foarstelle dat je net altiten de goeie doelpuntenmakker omroppe bygelyks.
As ik mis sit by in doelpuntenmakker dan krij ik meast lyk in appke fan Jappie Wijnia fanút de dug-out dat it net kloppet. Ien kear haw ik Jappie yn de dug-out belle om te hearen wa 't skoord hie. Je kinne somtiden mar min sjen wa't der skoord hat. Ik freegje meast de supporters dy ticht by my stean ek wol om befestiging.

Hoe lang wolst noch omropper bliuwe?
Dêr sit noch gjin eindatum op. Ik wol sa noch wol in pear seizoenen troch. Mocht ik net kinne dan soe Gert-Jan Hiemstra it prima dwaan kinne.
Ik stopje wol as skiedsrjochterkoördinator by SDS. Op sneon wol ik best noch de skieds by de wedstriden fan SDS 1 begeliede, mar net mear alle skiedsrjochters foar in sneon regelje. It soe moai wêze as in jonge fjirtiger of sa dit oppikt. Dy fisket yn in oare fiver en kin makkelijker oan skiedsrjochters komme. Dus as der ien belangstelling hat dan hear ik it graach.

Wat tinkst? Wurdt SDS 1 kampioen?
As SDS sa fuotballet as ôfrûne sneon út by Sleat dan wurdt it neat. Al wienen sy de earste 10 minuten hielendal net sa min trouens. Ik doar der eins fierder noch neat oer te sizzen. Nei it restant fan de wedstriid SDS 1 – Delfstrahuizen 1 kommende sneon 4 april witte wy mear. Mocht it dochs neikompetysje wurde dan soe it samar kinne dat wy tsjin oer vv Nijland 1 of vv Oosterlittens 1 komme te stean. Dat soe ek wol moai wêze.

Woest oars noch wat kwyt?
It soe moai wêze as der wer ris wat organiseard wurdt op tongersdeitejûn nei it trainen.

Enne, tige by tige en om ús bliuwst noch jierren omropper by SDS.

SDS -Look-a-likes(49)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútser, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei **DeTreffer@vv-sds.nl**!

Mohammed Bruinsma as Jan-Friso Ihattaren:




Nicola Zalewski(Atalanta Bergamo) as Jelmer Brouwer:




Jelle Vellinga as Jean-Paul van Hecke (Brighton & Nederlans alvetal):




Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje:
Griene Enerzjy Kooperaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,– per jier.
Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.
Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: **info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!**

GEKE GRIENE ENERZJY KOÖPERAASJE EASTEREIN

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (http://www.geke-easterein.nl/) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

VanOns

Efkes foarstelle; De nije PR-kommisje



Wiebe Heeres en Jelte-Pieter Dijkstra binne de nije leden fan de PR-kommisje. Jim kinne se fansels as spiler fan SDS 1, mar noch net as leden fan de PR-kommisje. Wy gienen efkes by de mannen del om te hearen nei de plannen.

Wat moai dat jim yn de PR-kommisje wolle!

Wat binne jim fan doel mei de PR-kommisje?

Doe't Wiebe it betocht mei in drankje op, hienen wy beide net direkt it idee dat wy it ek echt dwaan soenen. Mar it siedsje wie plante en sa hawwe wy no in nije kommisje.

Der leit lokkich al in sterke basis mei in soad trouwe sponsors dêr't wy op fierder bouwe kinne. It doel is fansels om dit út te wreidzjen, sadat SDS in sûne feriening bliuwt, alle teams der fersoarge by rinne en wy goed materiaal ta ús beskikking hawwe.

Bauke de Boer hat fansels jierren PR-man west en die dit op syn eigen manier. Giet dit no ek hiel bot feroarjen?

It grutste ferskil is fansels dat Bauke it allinnich die en wy tegearre binne. Wy kinne de taken ferdiele en twa witte mear as ien. Fierder hoechst gjin revolúsje te ferwachtsjen. Wy sille miskien wat digitaler wurkje as ús foargonger.

Sjogge jim ek nije manieren om te sponserjen?

Der binne fansels al de nedige wylde ideeën oer de tafel flein om wat ekstra reuring en sichtberens te generearjen, mar it moat fansels wol helber wêze en passe by de winsken fan de sponser. Dat gean wy de kommende perioade besjen.

Wat soenen jim no hiel graach feroarje wolle?

SDS hat deselde útdagings as it grutste part fan de ferienings yn Nederlân. Wy wolle fansels ek dat ús ledental groeit en de sportive prestaasjes omheech geane. Wat wy dit jier graach feroarje wolle is dat SDS 1 wer nei de tredde klasse giet troch sels kampioen te wurden!

Oars noch wat?

Wy spylje sels al jierren mei in soad wille by SDS en sjogge graach dat alle (nije) leden der krekt sa'n wille fan hawwe. Wy wolle bydrage troch te soargjen dat de rânsaken goed fersoarge wurde kinne.

Tige by tige en in soad súkses!

Foto’s en de âlde doaze

Wij as webmasters hawwe sa troch de jierren hinne hiel wat alvetal foto’s bij elkoar skarrele. Yn de begjinjierren fan SDS wie it meitsjen fan in foto noch net sa as gewoan as no.
Ien ris yn it jier waard der in alvetal foto makke (yn it swart wyt fansels) en wij binne bliid dat dy doe ek as foto ûntwikkele binne en dat dy bewarre bleaun binne.
It binne pronkjes wêr’t wij sa no en dan wat sjen litte op de webside. Ek binne dy foto’s fan belang om in moai leden argyf fan hast 80 jier SDS fêst te lizzen. Wij krije ek wol fragen fan âld leden oer foto’s, wêr’t se fan tinke dat se dêr op stean en dy’t wij mooglik noch hawwe.
Wij binne no sa’n 25 jier dwaande mei de webside en it is ús de earste jierren goed slagge om alle jierren fan frijwol alle alvetallen in foto te krijen, wêr’t wij de nammen dan ûnder sette sadat se tal fan jierren miskien noch wat nut hawwe kinne.
Mar de lêste jierren slagget dat al lang net mear. Sûnt elkenien mei in mobyl yn de bûse rint, of meast yn de hân hat, is it dien mei it meitsjen fan in alvetal foto. Dit seizoen (2025-2026) hawwe wij fan 1 senioarenalvetal en fan 9 jeugd alvetallen in team foto krigen.
Dat betsjut dat er totaal noch wol 13 foto’s net makke binne. It makket ús fierders neat mear út, it is prima sa, want at de behoefte der net is, dat is dan sa.
It is miskien foar letter wat spitich dat wij neat yn it argyf hawwe. Persoanlik fine wij dat it meitsjen fan in alvetal foto net frijbliuwend wêze moat. Der binne sjurtsponsers dy fine it fêst ek moai dat in alvetal op in foto stiet mei harren sjurt. Miskien hiene se dêr ek wol op rekkene.
Yn dizze Treffer hawwe wij yn de rubryk “de âlde doaze” trije alvetal foto’s pleatst. It binne de earste sjurtsponsers fan SDS: KMA foar SDS 1 en SDS 4 en Glas 80 foar SDS 2. Wij hawwe it dan oer midden jierren 80 fan de foarige iuw. De nammen fan de foto’s fan SDS 4 en SDS 1 kinne jim op de webside fine.




K M A
ZEILMAKER


K.M.A.
ZEILMAKER
KMA

Doelpunten 2025-2026

Wy moatte it dwaan mei 114 doelpunten oant no ta. Dat wij noch op dat respektabele oantal útkommen binne, hat as reden dat de lêste sneon fan maart in produktive dei wie fan SDS 3 en SDS 4. Yn ien wykein 13 doelpunten mei 2 alvetallen is unyk (dit seizoen).
Unyk is ek dat der noch altiten in spiler fan SDS 1 de list oanfiert. Ate Schaap fan Turns trochbrekt alle logika. Dêr tsjin oer stiet dat Hendrik de Jong de klam leit op logika: hij skoart ek dit seizoen wer maklik en mei 9 doelpunten nimt hij plak twa yn. Auke Boomsma begong sa goed dit seizoen, mar is miskien no al yn it kopke dwaande mei it keatsseizoen.
Matthijs Postma, Kees Sandstra, Wiltsje Aardema, Pieter van der Valk en Milan van der Weg binne de subtoppers. Meer as ien hânfol skoare is net ferkeard.

Der binne 41 ferskillende doelpuntenmakkers en wij sette yn op 50 ferskillende doelpuntenmakkers dit seizoen.
Der binne 114 doelpunten makke. It foarige seizoen wiene dat totaal 171. Wij gean der fan út dat dat oantal net mear helle wurdt, mar 150 liket ús in moai oantal om yn juny del te setten.

	1e	2e	3e	4e	Totaal
Ate Schaap	9		1		10
Hendrik de Jong				9	9
Auke Boomsma		7			7
Matthijs Postma	6				6
Kees Sandstra	3	2	1		6
Wiltsje Aardema			6		6
Pieter van der Valk			6		6
Milan van der Weg			5	1	6
Redmer Wiersma		4			4
Gerben Gerbrandy			4		4
Niels Jansen			4		4
Arjen Los		3			3
Jasper Scholte			3		3
Feite de Haan				3	3
Robert Sijbesma				3	3
Lourens van der Pol	2				2

	1e	2e	3e	4e	Totaal
Wiebe Heeres	2				2
Ewout de Boer		2			2
Wessel Schraa		2			2
Gjelt Kempe		2			2
Kevin den Haan		2			2
Rutger Sijbesma			2		2
Boaz Dijkstra				2	2
Jelmer Brouwer	1				1
Pieter Sijtsma	1				1
Robin van der Weg	1				1
Gerwin Sybesma	1				1
ed Creil-Bant	1				1
Jurjen Los		1			1
Lieuwe Vriesema		1			1
Tim Sweering		1			1
Sietze Stoffelsma		1			1
Jildert Hiemstra		1			1
Jorrit Veldman			1		1
Aiso Agricola			1		1
Michaël van der Weg			1		1
Mark Postma				1	1
Ronny Wagenaar				1	1
Erik Haitsma				1	1
Jelle Vellinga				1	1
Zoran				1	1
Totaal	27	29	35	23	114

SDS-sokken

Der binne wer folop nije SDS-sokken te krijen.
Sy binne al in bytsje djoerder wurden.
Sy koste no €12,50 en binne sneons te krijen yn de bestjoerskeamer.



Aginda

Wannear?	Wat ?
11-april	SDS 1 – Makkum 1
15-april	Kidsrun by sc Heerenveen foar de SDS-jeugd oant en mei de JO12
16-april	Sponsor- & Vriendenavond SDS
18-april	Irnsum 1 – SDS 1
9-maaie	SDS 1 – Oudehaske 1 mei nei de tiid SDS-slotfeest
16-maaie	Tollebeek 1- SDS 1
30-maaie	1e ronde neikompetysje
6-juny	Finales neikompetysje
11-juny	Start WK
13-juny	Midsimmercup yn Dronryp
14-juny	WK: Nederland - Japan om 22.00 oere
20-juny	WK: Nederland - Polen/Sweden om 19.00 oere
25-juny	WK: Nederland - Tunesië om 1.00 oere
19-july	WK-finale



Dit prachtige spandoek is makke troch Idsert Stenekes en Idwer en Eise Dijkstra. Sy steane op de foto mei it doek en Brend Toering by de wedstriid Sleat 1 – SDS 1.



Dit prachtige spandoek is makke troch Brend Toering.



We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevlogen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.

grafische groep **van der eems**

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN